

IN BYSÛNDERE PAKE

BESTE LEERKRACHT,

Op 10 oktober 2016 is het de Dag van de Duurzaamheid. Op deze dag laat heel Nederland zien hoe de wereld schoner, mooier en eerlijker kan. Ook kinderen hebben veel vragen en ideeën over milieu, verdeling van rijkdom, natuur, geluk en samenleven. Daarom wordt door het hele land op basisscholen op deze maandagmorgen voorgelezen.

Voor u ligt de duurzame voorleeskrant voor Fryslân. IVN, NME centra en de provincie Fryslân hebben speciaal voor alle basisscholen in Fryslân een verhaal laten schrijven dat past bij het thema van de kinderboekenweek én bij de Dag van de Duurzaamheid.

Het verhaal 'In bysûndere pake' is geschreven door Berber van der Geest en bewerkt door Janneke de Boer. Het verhaal is geschikt voor groep 5 tot en met 8. Het verhaal speelt zich af in Friesland, rond Workum en gaat over de 'pakesizzer' van kunstschilder Jopie Huisman (1922-2000) uit Workum. 'Joop is in jonkje dat graach bûten omstrúnt en de wrâld en de natuer ûntdekke wol'. Het thema is: waardeloze dingen opnieuw waarde geven.

Met dit project leggen we de koppeling tussen natuur, duurzaamheid, cultuur, historisch erfgoed en de taal in Friesland.

Alle documenten staan op de website: www.jopiehuismanmuseum.nl/educatie. Het verhaal in het Nederlands en de illustraties kunt u ook op het digibord tonen. Voorafgaand aan het verhaal kunt u het animatiefilmpje 'Deurtje' laten zien. En u kunt de kinderen vragen om hun eigen schatten mee naar school te nemen. En alvast na te denken over de vraag: hoe zou je deze schat opnieuw waarde kunnen geven.

Joop stoarret ta it rú't as mem har laitsjende stim him skrikke lit: 'Sit net te dreamen, Jopie!'

'It is prachtich sinneskyn waar. Do moast der mar efkes op út, lykas pake dat altyd die,' beânderet se sabeare strang syn freegjende blik.

'Mar mem, Wytse-en-dy binne ek net bûtendoar. Se soene te gamen,' prottelet er. 'Pak mar in amer út it hok, kinst wol te kikkerts fangen,' keatst mem werom.

Dat fynt er leuk, ja. Miskien is der wol in wettersalamander te finen.

Net folle letter kuiert er by de sleatswâl del. Yn 'e rjochterhân de amer. Yn 'e oare hân de toatebel. Gerskes kitelje syn bleate búk as er in eintsje fierderop op de grûn lizzen giet. Hy stoppet it himd werom yn 'e broek en hâldt de siken yn: tusken de lange griene snilen sjocht er in reidjufferke. Wannear't se fuortfljocht lit er de toatebel yn 't wetter sakje. Yn 'e sleatswâl fynt er in grutte skulp. Dy komt aanst thús by syn skulpesamling. It duorret lang foar't der wat boppe de toatebel swimt. Wat slûch draait er him om en giet langút yn 't gers lizzen. Hy docht de eagen ticht en hâldt de skulp tsjin 't rjochterear. Shhh... rûzet de skulp. Shhh-shhh...

'Hoi!' In heldere stim lit Joop skrikke. Dan klinkt de stim opnij: 'Hoi! Sjochris omheech! Wolst meifarre?' Fernuvere sjocht er omheech. Is dat in loftskip? Ynienen hinget der in touljetter foar syn noas. 'Grypst him? Dan meitsje wy tegearre in tochtsje mei myn skip,' ropt de stim. Nijsgjirrich klimt Joop de lange ljetter op. 'Sis mar Wabbe, ik wenje efter de Waalbergen,' stelt de skipper him foar. 'Ik bin Joop, mem neamt my Jopie... Ik wenje dêre,' seit Joop skruten as er nei de ielpôle wiist. 'Tocht ik al,' laket Wabbe. 'No Jopie, wat seiste? Sille wy ris boppe Warkum omtoere?' 'O sjoch, dêr it sportfjild en dêre, de waach,' ûnderbrekt Joop him. 'En sjochris omheech Jopie, wat sjochst dêr?' freget Wabbe.

'Wolken,' anderet Joop.

'En dat goud'ne ljocht dêrachter dan?' giet Wabbe fierder. 'De sinne!' ropt Joop entûsjast.

'Presys Jopie, de sinne dy't de wolken in gouden rântsjie jout,' seit Wabbe.

'Skitterjend,' laket de jonge.

'Ja, in mystearje is 't,' seit Wabbe.

It loftskip skommelet ynienen gefaarlik hinne en wer. Om harren hinne wurdt it tsjusterder. Wabbe sjocht de donkere wolken oankommen en seit hoeden: 'Bliksem, der sit tonger yn 'e loft...' Wat fleuriger giet er fierder: 'Mar moarn binne it wer wollige wite wolken en der kin fan alles foarby fleane; rein, hagel en snie. In mystearje is it! Ja, achter alles leit in djip geheim.'

'Ek achter dingen?' freget Joop.

'Ja, ek achter dingen. Sjoch marris nei in stien, dy is

mei al syn kleuren prachtich om te sjen!' leit Wabbe út.

Wabbe hat gelyk tinkt Joop en hy fertelt oer syn samling skatten: 'Ik ha thús folle mear skulpen, stiennen en oare dingen. Dy bewarje ik yn glêzen potten.'

Wabbe freget wat er noch mear garret.

'Knipers, elastiken fan de postboade, hûnderten guozzefearren, blauwe aaiskilen fan protters. Klaaipypkes. De skulp fan in seekat, fjoerstiennen en in sulveren biddeltsje. O en in kowebonke,' anderet Joop.

'Tsjongejonge,' laket Wabbe. 'Do bist krekt dyn pake, bist ek in earsteklas sneuper.'

'Hat Wabbe ek skatten?' freget Joop nijsgjirrich.

'Jawis, mar dy passe net yn glêzen potten. De

Waalbergen lizze fier efter de hoarizon en binne o sa heech. It is dêr sa kâld dat alles belein is mei slingers fan pearles en kristallen,' flústeret Wabbe mei glinsterjende eagen.

'Watte?! Dy wol ik wol hawwe,' ropt Joop ferheard. 'Jonge, dat binne hagelstiennen en snieflokken. As de sinne dêr op skynt skitterje dy prachtich,' leit Wabbe út.

'In mystearje!' laket Joop.

'Echt wol Jopie!' Wabbe glimket: 'Hast wol yn 'e gaten dat wy mei al ús skatten, hartstikke skatryk binne?'

Justjes letter seit de skipper: 'We farre stadichoan werom, ik sjoch jim hûs alwer.'

Wat fierderop lit Wabbe it touljetter sakje en nimt er ôfskie: 'Jopie, oant sjen jonge.'

'Bedankt Wabbe. Soe 'k de toatebel al fol ha?'

'No, dát hast,' ropt Wabbe. 'De heu!'

Baf!

Mei in hurde plof donderet er op it gers del.

Yn 'e fierte heart er heit roppen: 'Joop? Joop, thús komme!'

Hy gappet mei de mûle op 't wiidst iepen en nei't er him ferstuivere yn 'e eagen wriuwd hat sjocht er omheech. It loftskip is ferdwûn yn de antrasyt-kleurige wolken. As der dikke reindruppen op syn gesicht falle, skoddet Joop de holle in kear. Hy springt op om de toatebel út it wetter te heljen. Dy leit op de boaiem. It tou kin er noch mar krekt beet krije. Hat er dan dochs dikke byt? As de toatebel wat mejout, sjocht er it. In pear gloednige swarte fuotbalskuon mei helreade fiters komme boppe wetter.

'Dit is in mystearje!' ropt er út.

As er de skuon fan de toatebel krijt en mei de hannen fol nei hûs rinne sil, reint it by amerfolle.

'Ik ha yts hiel bysûnders fongen!' ropt er as er dweiltrochwiet thús komt.

'In grouwe kikkert?' grapket heit.

'Nee, fuotbalskuon! Wabbe sei al dat ik byt hie. En...' 'Wa is Wabbe?' freget heit.

'No dat... Dat is...' hakelet Joop en hy fertelt heit alles oer it aventoer mei it loftskip.

Heit begjint te laitsjen en seit: 'Grutte fantast!'

'Mar heit, Wabbe sei dat...' protestearret Joop.

'O Joop, do bist krekt dyn pake! Do bist sels in mystearje. No, mar gau dy wiete brot út. Lis dy skuon mar op de cv, dan wurde se wol wer droech,' fûtert heit en dan seit er: 'Mem, snapsto dat no? Joop komt mei gloednige fuotbalskuon thús. Wa smyt sokke skuon no yn 'e sleat? Ien is se grif ferlern. Sil ik se aanst mar op facebook sette?'

Der geane fjouwer wiken foarby. En as der dan noch altyd nimmen om de skuon oan 'e doar west hat, seit heit: 'No Joop, do meist de skuon hâlde, hear.'

Gau lûkt Joop de skuon oan. It is krekt syn maat. Hy stoot nei bûten ta en draaft de dyk út. As er werom komt ropt er hymjend: 'Heit! Ik kin der echt hiel hurd mei drave!'

'Echt?' laket heit, 'Dy skuon hawwe toverkrêften!'

'In mystearje!' seit Joop en opnij draaft er nei bûten ta. Op it sportfjild treft er Lieuwe mei in bal.

'Fuotbalje Joop?' freget Lieuwe.

'Ja!' ropt Joop en wiist: 'Dit is ús goal, do op keep!'

Fan fjouwer meter ôf giet syn bal deryn. Fan seis meter ôf ek. En fan tsien meter ôf giet de bal der opnij yn. Alle ballen sjit er rekke!

'Dit is in mystearje,' kreunt Lieuwe, 'ik kin gjinien bal fan dy keare...'

En sa giet dat in jier lang. Alle kearen skoart er de bêste, de moaiste en de fetste goals. Joop is ûnoerwinlik!

De skuon wurde Joop te lyts. Mar fuortsmite? Nee, dat docht er net. Hy set de swarte fuotbalskuon mei de helreade fiters te pronk op 'e boekeplanke. As echte skatten.

Yn 'e hjerst geane se mei groep 8 nei it Jopie Huisman Museum. Dêr is in nije eksposysje mei de namme 'Mijn Jopie Huisman' oer it wurk fan Joop syn pake en beroemde Friezen dy't oer him fertelle. Master sei dat se allegearre harren moaiste ding meinimme mochten. Oan de hân fan harren skatten meie se ferhalen fertelle en tekeningen meitsje. Dêrom hat Wytse syn grutste fjoerstien yn 'e bûse, Lieuwe hat in fear fan in hoarnûle meinommen en Joop hat syn betovere skuon yn 'e rêchsek stoppe.

It museum hinget fol mei skilderijen fan pake.

Binnen ferkringe de klassegenoatsjes har foar ien fan de skilderijen en swetse wakker:

'It is in wûnder,' sizze se.

'Unyk'

'Hiel bysûnder'

'Manjefyk'

'Wow, Joop,' ropt Wytse him ta,

'Dit binne krekt dyn fuotbalskuon!'

Laitsjend rint Joop nei it skilderij fan syn pake en ropt bliid út: 'Jonges, dit fyn ik no it aldermoaiste skilderij fan myn pake. Is it net in mystearje, dat hy sá moai skilderje koe!'

